

2-1-'78

'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

REDAKSJE: Wyke Blanksma-v.d. Witte, tel. 9487
 Jan Melchers, ,, 4116
 Rients van Buren, ,, 9280
 Jan Dijkstra, ,, 9498

TYPE- EN STENCILWURK: Ineke Dijkstra-v.d. Meer.

OMSLACH: Albert van Lingen Jr., Ljouwert.

REDAKSJEADRES: Sylroede 5.

BANKRELAESJE: Rabobank, Bolsward; gironr. 856.829
 t.n.v. Rabobank, Bolsward, rek.nr.
 3087.56.800 t.n.v. It Skieppesturtsje,
 Tjerkwerd.

.....
 De earste wiken fan it nije jier binne alwer foarby,
 as jo dit krantsje troch de doar krije.
 Us goede winsken foar it nije jier binne dan ek wol
 hwat let, mar dochs noch goed bidoeld.

Foar ús, as redaksje, is it nije jier mei manke-
 minten ynsetten. Ien fan ús redaksje-leden hat, om't
 se nei Assen forhúze is, bitanke. Wy hoopje, dat sy
 dêr in goede takomst tomjitte giet.

Hawar, jimme binne tink allegear mei goede foarnim-
 mens it nije jier ynsetten.

Net mear roke, net mear drinke, op'e hongerpôlle,
 net mear rabelje (dat is net sa maklik) en hwat
 mear oan sport dwaen.

It listke is meastens sa lang, dat men oan'e helte
 net iens takomt.

Lit ien ding it wichtichste wêze: wêz in bytsje
 freonlik foar elkoar, dat skeelt al sa'n ein.

Voorts heeft hij eigen geschreven verhalen voorgelezen. Sommige hadden betrekking op een dokter of vee-dokter (met sex er tussendoor), andere meer over het schippers-wereldje.

Het werd voor ons allen een heel gezellige ledenvergadering. Misschien kunnen volgend jaar nog meer leden deze avond bezoeken, want de thuisblijvers hebben echt wel iets gemist.

Natuurlijk hoopt het bestuur, dat het niet bij deze avond blijft. Wij verwachten nog een fijne winter en dat er veel geschaatst kan worden.

=====

HOUNESTRONT

Us doarp telt in moai protte hounen en wy witte wol, dat dy bisten sa neu en dan nedich moatte. Meastal skite se dan by buorman yn'e tún en dat jowt in protte argewaesje. Minsken dy't net mei de houn kuyerje wolle, moatte net ien nimme. Hawwe Jo in houn dan moatta Jo dat ek wurdich wêze!

Nou krige de redaksje klachten oer hounestront op it trotwaer fan'e Waltawei. It blykt, dat der hounen binne, dy't miene dat it trotwaer in húske is. Nou kinne hounen dêr neat oan dwaen, mar de bazen wol. As de houn it net mear ynhâlde kin, dan hat de baes de plicht de brot op to himmeljen; yn elts gefal moat hy soargje, dat it yn'e goate bidarret.

Sjogge Jo de hiele film, dan witte Jo ek hwa't de eigner is; dan folget hjir in goede rie:

de stront op'e skeppe en by de eigner op'e

stoepe foar de doar ôflewerje!

P.S.: Voor honden, die geen Fries verstaan, volgt hier een verkorte vertaling:

Het is in Tjerkward verboden op het trottoir te poepen, gebeurt dit per ongeluk toch, dan behoort de baas of bazin dit op te ruimen. Anders kon de poep wel eens afgeleverd worden aan de deur (zulks uiteraard zeer terecht).

We hawwe ek 2 nije instruminten oankocht by v.d. Glas út Hearrenfean: in trombone en in cornet-piston.

Ek binne we fan bitinken om yn 'e rin fan 'e maitiid in aksje út to fieren, hwat sinten yn 't laedsje bringt.

Mar yn earsten wurdt der tablaest mei ekstra repetysjes nei 4 febr. o.s., de joun fan 'e útfiering.

OANT SJEN DAN!!!!

W. van A.

Nijs fan 'e bigraffenisforiening:

De tiid fan húshimmeljen is der hast wer en dan kriget de "gemeentereiniging" wer drok wurk.

Hawwe Jo tafallich hege, swarte huodden en woene Jo dy fuort dwaen, bring se dan by ús bigraffenisforiening. Der is forlet fan.

Wolle bern en âlders der ek om tinke, dat it tsjerkhôf gjin boartersplak is?

Der binne gâns nije lju yn ús doarp ynkaem. Jo kinne Jo as lid opjaen by de hear G. Mulder, till. 9143.

O.S. Postma,
skriuwer.

SPORTVERENIGING "Tjerkwerd":

De sportvereniging beperkte zijn activiteiten, in dit winterseizoen, tot nu toe alleen maar met het houden van gymnastiek. We willen hier nu iets aan veranderen.

- KLAAS GERRITS : geb. 26- 4-1850, zoon van Gerrit Berends Schukking en Trijntje Hayes Maurits.
- GERRIT BERENDS : geb. in 1811, zoon van Berend Gerrijts Schukking en Berber Piebas de Jong.
- BEREND GERRIJTS: geb. in 1750, zoon van Gerrijt Beernt Schukking en Klaske Klazes.
- GERRIJT BEERNT : geb. in 1717, zoon van Beernt Gerrijts Schukking en Rixtie Beerns.
- BEERNT GERRIJTS: geb. in 1684.

In 1821 is de naam Schukking verandert in Schukken.

-0-0-0-0-0-0-0-

22 December '77 binne troude:

Jan Kees Brassem en Akke Rinske Bakker.

Bertus Walsma en Nellie Jorna binne 23 december '77 troude. Sy wenje nou op 'e pleats op Iemswâlde.

Jaring Beeksmâ en Sjoukje Hylkema trouwe op 5 febr. Sy sette hâren ta wenjen yn Slochteren.

=====

Inkelde minsken hawwe ús doarp forlitten;

sa is frou Posthumus fan 'e Singel forhúze nei it rêsthús "Elim" yn Boalsert;

Walsma en 'e frou binne ek forhúze nei Boalsert, sy wenje nou yn 'e Brunostrjitte no. 44.

Attie Bakker folget yn Ljouwert in oplieding foar forpleechster.

/o/o/o/o/

De heren R. de Jong en J. Reidsma hielden voor onze klub de eer hoog.

De uitslagen waren als volgt:

De tussen haakjes geplaatste cijfers moesten gemaakt worden, dit getal was verkregen, door ieder zijn gemiddelde van verleden jaar, met 30 te vermenigvuldigen:

J. Blanksma	(63)	46	-	C. Burghgraef	(54)	54
K. Schukken	(48)	42	-	J. Bergstra	(48)	48
H. de Boer	(48)	41	-	K. Helder	(36)	36
B. Volbeda	(48)	33	-	J. Feenstra	(36)	36
D. Bakker	(39)	24	-	S. Terpstra	(33)	33
A. de Haan	(39)	24	-	P. Ouderkerken	(30)	30
M. v.d. Wal	(36)	32	-	S. Couperus	(39)	39
F. de Boer	(33)	15	-	A. Koopmans	(27)	27
R. de Jong	(27)	27	-	H. Postma	(27)	17
J. Reidsma	(24)	24	-	J. Ruardi	(24)	21

VAN DE DORPSOMROEPER:

Voor diegene, die het nog niet wisten.....

Voor al uw berichten, die u de dorpsgenoten wilt laten weten, zowel huwelijks-aankondigingen, geboorte-berichten, als zakelijke aangelegenheden.

De tarieven zijn gebaseerd naar de draagkracht van de opdrachtgever, van f 2,50 - f 10,--. Voor minder-bedeelden en die niet door eigen toedoen in staat zijn het minimum bedrag van f 2,50 te betalen, geldt algehele kwijtschelding van de kosten en zij krijgen van ondergetekende nog schoon in de hand, het bedrag van f 2,50.

Geachte leden van de Biljartclub.

Hierbij de stand van de halve competitie 1977-1978.
en tevens de beste wensen voor het nieuwe jaar.

No.	NAAM	Gesp.	Gew.	Verl.	Punt	Totaal punten	Tot. beur- ten	Gem.	Vorig jaar gem.
1.	J. Reidsma	13	11	2	22	470	497	0.95	0.83
2.	M. v.d. Wal	13	10	3	20	648	534	1.21	1.16
3.	H. de Boer	13	9	4	18	932	562	1.66	1.64
4.	B. Volbeda	13	9	4	18	907	565	1.61	1.63
5.	F. de Boer	13	9	4	18	607	493	1.24	1.10
6.	A. de Haan	13	8	5	16	720	494	1.46	1.28
7.	R. de Jong	13	7	6	14	496	494	1.00	0.92
8.	S. Hiemstra	13	7	6	14	312	550	0.56	0.59
9.	J. Blanksma	13	6	7	12	1120	519	2.16	2.11
10.	D. Bakker	13	5	8	10	674	533	1.22	1.32
11.	K. Schukken	13	4	9	8	821	581	1.40	1.61
12.	D. Walsma	13	3	10	6	248	511	0.48	0.52
13.	M. Brandsma	13	2	11	4	263	521	0.51	?
14.	E. IJpma	13	1	12	2	167	565	0.29	0.31

De competitieleider,

K. Schukken.

Biljartklub H.T.S.

Op 13 december j.l. werd er een wedstrijd gespeeld door 10 leden van onze klub, tegen 10 leden van de Parregaaster vereniging. Hoewel de Tjerkwerders de trekbal voor de beginstoot 9 maal wonden, werd het een grote nederlaag en won Parrega, met 8 tegen 2, de wedstrijd.

De totale opbrengst van deze toestanden gaan maandelijks in zijn geheel, zonder aftrek, naar het Jongerenkoor "Con Spirito".

De Dorpsomroeper!

tel. 9243.

•••••

De fanfare yn galop
"Eensgezindheid".

Mei in tige aardich "kritysk forslach" yn 'e bûse, kaem it korps werom fan it "festival" út Makkum.

Mar hwat ús der opfoel wie, datder tusken de korpsen fan Wûnseradiel, in protte jong talent siet. Hjirtroch binne ek wy it fjild yngien om learlingen sjen to krijen en dat is tige slagge; ûndersteande kandidaten sille pre-bearje it blazen ûnder de tomme to krijen:

- | | |
|----------------------|-------------------------|
| 1. Auke Postma, | 6. Niek Galama, |
| 2. Bouwe Speerstra, | 7. Boukje Gietema, |
| 3. Jelle Twijnstra, | 8. Bertus Rinse Bakker, |
| 4. Harmen Posthumus, | 9. Sjirry Hiemstra. |
| 5. Bea Gietema, | |

Sneontomoarns om tsien úre wurde se forwachte yn it Waltahús. De hear Sj. Wybenga út Nijlân jowt harren les, fia de Boalserter Musykskoalle. Kosten binne + f 110,-- per jier, slagget men foar examen A, dan jowt de gemeente f 50,-- reduksje per learling.

Folle sukses tawinske!

P.S.: Schrijver dezes heeft proefondervindelijk
bewezen, dat honden ook wel op eigen erf
willen poepen. Waarvan akte!

P.S.: Het ligt dus niet aan de hond, maar aan de
baas!

BURGERLIJKE STAND:

Op Waltaweg 49 zijn sinds 1 december komen wonen:
Jan en Piety de Jong en 28 dagen later, kwam onze

RICHARD JAN.

Jan is melkrijder en is 21 jaar.

Piety is "gewoon huisvrouw" en is 18 jaar.

We gaan naar de R.K. kerk in Workum. Het bevalt ons
wel goed in Tjerkwerd.

Leen en Ella Huisman hawwe in famke krigen. Har namme
is: ELSE JOHANNA TITIA.

Mei harren beide jonkjes, in aardige klavertrije.

Yn'e arke fan Ids en Joke Schukken waard berne:

GERRIT OEGE

Us lokwinsken!

Fan K. Schukken krigen we de "stamboom":

- GERRIT OEGE : geb. 13-1-1978, zoon van Ids Schukken
en Johanna Hendrika Bakker,
IDS : geb. 18-3-1949, zoon van Oege Gerrit
Schukken en Klaske Rosier.
OEGE GERRIT : geb. 2-6-1916, zoon van Folkert
Schukken en Trijntje Scheffer.
FOLKERT : geb. 3-5-1882, zoon van Klaas Gerrits
Schukken en Sietske van der Wal.

Bij voldoende deelname houden we een sportmiddag in de Sporthal te Makkum.

De leden, die zich voor 1 februari opgeven, kunnen de volgende sporten beoefenen:

- zaalkaatsen
- zaal voetbal
- volleybal.

Aangezien we eerst de animo moeten weten, voordat we de sporthal af kunnen huren, is het voor ons onmogelijk een exacte datum en tijd vast te stellen. Dit wordt een ieder zo spoedig mogelijk medegedeeld.

Elke deelnemer is wel verplicht een financiële bijdrage te leveren. De grootte hiervan is afhankelijk van het aantal deelnemers.

Een paar van onze leden, zaalkaatsten dit winterseizoen bij kaatsvereniging "De Pripper" in Workum. Na 17 competitie-partijen, bezetten ze de volgende plaatsen:

- 9) P. van Zuiden: 81 uit 14;
- 11) I. Schukken : 79 uit 15;
- 24) M. v.d. Wal : 52 uit 10.

De jaarlijkse ledenvergadering is vastgesteld op vrijdagavond 10 februari, om 7.30 uur in het Waltahús.

De agenda luidt als volgt:

1. Opening.
2. Verslag sekretaris.
3. Verslag penningmeester.
4. Bestuursverkiezing:
 - I. Schukken (herkiesbaar)
 - H. Leicht (vertrokken).
5. Toetreden tot de C.F.K. (Kaatsbond).

Wy, as redaksje, binne fan doel yn 1978 hwer tige ús bêst to dwaen. Wy soene it derom op priis stelle, as jo ús in reaksje stjûre op datjinge, dat yn ús krantsje troch ús of troch in oar skreaun is. Net allinne de positieve mar ek de negatieve dingen. Ek as der hwat is hwat jo op de ien of oare manier kwyt wolle, soene wy dat graech hearre. Sokke stikjes sille dan as "ingezonden stukken" pleatst wurde.

Wy hoopje, dat wy de folgjende kear ek hwat wurk fan jo pleatse kinne.

FOLLE LEZPLEZIER TAWINSKE.

W.B.

-0-0-0-

Ledenvergadering van de IJsklub "Tjerkwerd".

Op donderdag 29 december heeft de ijsklub haar ledenvergadering gehouden.

De heer B. Volbeda verwelkomde + 40 leden. Hij deed ons de verheugende mededeling, dat er misschien een grote ijsbaan zal komen. Natuurlijk is dit nog niet allemaal rond, maar er zat een kans in en dit zou voor ons dorp geweldig zijn.

Als keurmeesters werden benoemd de heren B. Hof en J. Speerstra.


De heer B. Volbeda werd met grote meerderheid van stemmen herkozen als voorzitter. Natuurlijk kunnen we in ons bestuur zo'n oude rot in het vak, niet missen.

Elk had een kans om met een prijsje naar huis te gaan, zoveel cadeaus waren er tijdens de verloting. Als spreker was uitgenodigd, de heer H. Speerstra uit Heerenveen. De heer Hylke Speerstra is een oud-Tjerkwerder en bekend als journalist en tevens schrijver van enkele boeken. Hij heeft verteld van zijn "One-man" Elfstedentocht en daarbij dia's getoond.

Snypsnaren:

- by S. Miedema, Iemswâlde, kaem in keal mei 5 poaten to wrâld. De fiifde poat siet op 'e rêch. It bist hat in kertier libbe.
- de "ein" fan ús âld-redaksjelid, wipte âldjiersjoun op it skoalplein. De "ein" woe ek yn skoalle, mar dat slagge net. De "ein" koe der net yn en master de Kroon der net út. De "ein" is nou mei rjocht en reden "lelijk" en wachtet op Brand.
- Freerk Schakel en Jouke Reidsma hawwe harren film-debuut makke.
- Jan Blanksma sette in nije antenne op it dak. In foarbygonger: "Hast de stroom der wol ôf"? Jan as de wjearljocht nei ûnderen en de stoppen der út. Alles is fierder goed forroun.
- De Foriening fan Doarpsbilang Tsjerkwert e.o. hâldt de jiergearkomste yn jannewaris.
- 1978?
- de wurkgelegenheit yn Tsjerkwert is yn earnestich gefaer. De molkkontrole fusearre mei Blâuhûs. Kok en Lanser binne op 'e Singel signalearre.
- doarpsomropper Schakel winske Joke Schukken lok mei de lytse. Joke krige in tútsje yn bywêzen fan de suster. Suster: "Krij ik ek ien?" Schakel: "Né, mefrou, dêr kin'k net oan bigjinne!
- it is fiërsta by Auke en Jellie.
- 3 maart "wereldgebedsdag" yn 'e lytse tsjerke.
- Pietersma hat in nije moter yn 'e kever, nou wol er hielendal net mear.
- it korps jowt in útfiering op 4 febrewaris.
- hwat bart der mei it húske fan Hennie Leicht? Sjonge Jo wol
- gevraagd: hout voor open haard. Aanb.: Sylroede 1.
- oantal ynwenners Tsjerkwert:

<u>1975</u>	<u>1976</u>	<u>1977</u>	<u>1978</u>
443	434	451	456
- de herfoarme tsjerke hat wer in herder en learaer, yn 'e persoan fan D. Nijenhuis. Wolkom!
- it is drok op 'e opslach mei frachtweinen, ús doarp wurdt hast to lyts.
- kopie ynleverje fcar 15 maart!
- gezocht: in skiep mei fiif poaten.



3

3